



Ferslach jiergearkomste FFU, woansdei 25 maaie 2011

→ 110625.jiergk2011

Plak: Bleekhof 55, Ljouwert (by Klaske Straatsma)

Tiid: 19.30 oere

Oanwêzich: Klaske Straatsma, Lútsen Bakker, Tom Dykstra (foars.), Gerben Gerbrandy, Sytze Hiemstra (skr.), Thys van der Veen

Mei berjocht ôfwêzich: Foeke de Wolf, Koop Scholten, Ed Knotter (pongh.), Wim Grit, Bertus Postma, Jaap van der Bij.

1. Wolkom

Foarsitter Tom Dykstra iepenet de gearkomste. Us FFU-lid Lútsen Bakker (út De Haach) kriget yn it bysûnder in wurd fan wolkom. Bakker is foar it earst op in FFU-jiergearkomste.

De foarsitter ljochtet ús feriening koart ta: wannear en wêrom is de FFU oprjochte; de FFU as gideonsbinde; de funksje en taak fan de bestjoersleden; de kontakten mei û.o. de Ried fan de Fryske Beweging, Afûk, Fryske Rie en EBLUL/EBLT.

Lútsen Bakker fertelt oer syn persoan: berne te Burgum, yn syn jonge jierren ferfearn nei bûten Fryslân, mar dochs sterk taalbewust, man fan 'e muzyk (konservatoarium) en koarlid fan de Nederlânske Opera, it grutste operaselskip fan Nederlân. Hy docht û.o. oerset- en korreksjewurk foar www.goedfrysk.nl, ien fan 'e ynternetsiden dy't operearret ûnder de hoede fan de Ried fan de Fryske Beweging.

2. Ferslach jiergearkomste fan 21 april 2010

It ferslach fan de jiergearkomste op 21 april 2010 wurdt sûnder ynhâldlike opmerkings oannommen, mei tank oan de skriuwers.

3. Nijsbrief/Jierferslach 2010

Nei oanlieding fan it jierferslach freget Bakker wat oer *eduFrysk*, in programma foar e-learen, fan de Afûk. Oer de *kwaliteit fan it Frysk* yn de lessen fan *eduFrysk* falt wol in opmerking te meitsjen. Dy is faak net al te bêst. Leit der in taak foar de FFU om dat op it aljemint te bringen?

Bakker stelt de wiidweidigens fan it jierferslach op priis. It jout in hast folslein oersjoch fan wat de FFU docht.

In oar besprekpunt is de *Fryske Skiedniskanon*. It eint net sa hurd mei de ymplementaasje fan de kanon yn it fjild. Der wurdt ôfpraat dat de FFU (Tom Dykstra) kontakt sykje sil mei Koen Eekman fan de Afûk, om nei te gean hoe't de saak der foarstiet.

Fierder wurdt der redendield oer wat der fierder op 'e wei fan de FFU leit om yn 'e kommende tiid oan te pakken. In spesjaal omtinkpunt is it gearstalle litten fan Frysktalige toetsen om de foarderings fan learlingen objektyf en betrouber mei te hifkjen. In oar wichtich omtinkpunt is de Kommisje Hoekstra en de útstellen dy't dy kommisje dwaan sil.

By alle aktiviteiten moat betocht wurde dat de FFU in navenant lyts klupke is en net oeral efteroan gean kin. Help fan leden wurdt dan ek tige op priis steld. Bakker soe bygelyks wat dwaan kinne om de taalkwaliteit fan *eduFrysk* te hifkjen. Hy sil der oer neitinke.

4. Finansjeel ferslach 2010

Jannes van der Velde en Bouwe Gall hawwe de boeken kontrolearre en alles ynoarder fûn. Us ponghâlder, Ed Knotter, kin dus, mei tank, ûntlêstge wurde. De FFU is wat efterút buorke. It is dus tige fan belang dat ús leden harren bydrage trou oermeitsje. Omdat Ed ôfwêzich is, sil er frege wurde om op in letter stuit noch in taljochting te jaan op de finansjele situaasje. As Bouwe Gall noch in jier sitten bliuwt, dan sil der foar Jannes van der Velde noch in ferfanger yn it de kaskommisje socht wurde moatte. Jaap van der Bij?

Jannes van der Velde stelt út om de jiergearkomstestikken (ek) digitaal te ferstjoeren. Dat kin kosten besparje en sil neier besjoen wurde.

5. Frysktalige toetsen (Sytze Hiemstra)

Hiemstra jout in ynliedinkje oer it Frysk op skoalle, de ynspeksje en it toetsen fan learlingen. Foar logopedy is der de lêste jierren al hiel wat Frysktalich testmateriaal ûntwikkele. In wurkgroepke fan de Fryske Akademy, dêr't Hiemstra al hiel wat jierren, diel fan út makket, *Frysk en Logopedy*, besiket dat foarinoar te krijen en dat docht fertuten. Hiemstra lit in stikmannich fan dy produkten sjen, bgl. de *Fryske UCO*, in diagnoaze- en observaasje-ynstrumint foar Frysktalige afasypasjinten. En de *F-TARSP*: Fryske Taal Analyze Remediearring en Screening Prosedure.

It Frysk bongelet der op de measte skoallen mar wat by en de skoallen mjitte it Frysk net of te min. Der is in jier ferlyn in wurkgroepke *Fryske Toetsen en Testen* troch him byinoar brocht (ûnder de paraplu fan de Fryske Akademy) om te besjen hokfoar toetsen oft der komme moatte soene. Dat wurkgroepke hat al in kearmannich byinoar west. Der soe neffens Hiemstra in folslein, falide, objektyf en betrouber *learlingfolchsystem* foar it Frysk komme moatte foar bern/learlingen fan 3 oant en mei 16/18 jier om de taalûntjouwing mei folgje te kinnen.

De earste stappen binne al set. Der wie al in *Twa-Minute-Toets* (Cito/Cedin, 1998) foar *technysk* lêzen, mei sûnt in pear jier dêryn DLE-skalen opnommen. Faaks moat dy toets fernijd wurde. Hiemstra wurket mei oaren yn opdracht fan de Provinsje en it Cito oan in toets foar *begripend* lêzen (begjin en midden groep 8). Dy sil fan 't jier wol klear komme. It meitsjen fan goede toetsen is dreech en yntinsyf wurk.

Hiemstra hat in oersjoch makke fan alle Cito-toetsen dy't der al foar it Hollânsk/Nederlânsk binne en lit dat rûngean. Dêr soene mooglik Frysktalige wjergaders fan sokke toetsen komme moatte. In *eintoets* Frysk basisûnderwiis, bgl. as Frysk oanpart yn de *Eindtoets Basisonderwijs* (Cito, groep 8), liket him û.o. fan grut belang, lykas in *ôfslutende* toets Frysk foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis.

Der wurdt konstataarre dat de ûnderwiisynspeksje it Frysk op 'e skoallen net kontrolearret om't der gjin falide, objektive en betroubere Frysktalige toetsmiddels binne. Dat moat dus oars en better. It stik fan Hiemstra oer Frysktalige toetsen moat ek nei guon, foar ús wichtige, provinsjale amtners stjoerd wurde.

6. Rapport komisje-Hoekstra (Tom Dykstra)

Dykstra ljochtet it wurk fan de saneamde Komisje Hoekstra koart ta. Dy komisje hat ta doel om te advisearjen oer de fraach hokfoar foech oer de Fryske taal en it Frysk ûnderwiis der by de Provinsje komme kin. Dêr moat mear draachflak foar ûntstean en der moat mear lykwicht tusken Frysk en Hollânsk komme yn it totale ûnderwiisoanbod.

Wat it ûntheffingsbelied fan it Frysk oanbelanget, soe der tocht wurde kinne oan in ûntheffing foar in *part fan it Frysk* foar in *skoalle* en in ûntheffing foar in *yndividu*.

Guon kommisjeleden binne net foar desintralisaasje fan foech foar it Frysk: de ûnderwiisfrijheid soe dêr yn tsjinspraak mei wêze. Yn guon gefallen (de besteande situaasje) is der lykwols al wat delegearre. Foar it Frysk wurde sadwaande gjin prinsipiële stappen nommen.

Guon (al plende) provinsjale foarljochtings- en oerlisgearkomsten mei Fryske organisaasjes oangeande it rapport fan de Kommissje Hoekstra hawwe noch net plakfûn. Oerlis tusken FFU en provinsjaal amtner Tsjerk Bottema moat (ek) noch plakfine.

Yn alle gefallen soe de FFU op de útkomsten fan it rapport-Hoekstra reagearje moatte. Tom wol oer idee fan ûnderwiisfrijheid skriuwe yn gearhing mei it Frysk. Germ Gerbrandy freget him ôf wêr't de kommissje eins mei komt. Tom hat it oer in stjerhûskonstruksje foar it Frysk. Syn stik wurdt publisearre yn 'e Swingel.

Tsjerk Bottema is in spilfiguer by de provinsje dêr't goed mei gearwurke wurde moat. Wy sille him freegje wannear't der oanlieding is om wer mei-inoar te praten. De kearndoelen foar it Frysk binne wichtich. Yn alle gefallen moat de FFU goed ynformearre wêze oer de feiten. Sytze sil kontakt mei Bottema sykje.

7. 25 jier FFU en fierder

Yn 2012 bestiet de *FFU* 25 jier. De fraach komt op: wat hawwe wy yn al dy jierren bedijd en hoe moatte wy fierder? Dêr soe omtinken foar komme moatte. Oer it hoe en het moat fierder neitocht wurde. De FFU soe by dy gelegenheid (ek) in oarkonde ynstelle kinne om dy oan in persoan of ynstelling út te rikken as blyk fan wurdearring. Sytze hat al in ûntwerpstekst makke.

8. Wat fierder op it aljemint komt

De Ried fan de Fryske Beweging hat it foarnimmen útsprutsen om in Frysktalige *biologymetoade* te ûntwikkeljen. De Frysktalige nammen fan planten en bisten moatte dêr in goed plak yn krije. Dat is in wichtich stik taalbesit dat hoede wurde moat. Kinne en moatte wy dêr as FFU ek in bydrage oan leverje?

Der moat in *nij FFU-struibrief* komme mei goede yllustraasjes. Sytze hat al in ûntwerpstekst makke. It is in omtinkpunt foar Germ.

Lútsen Bakker stelt him beskikber foar ynsidintele taken foar de FFU. Dêr binne wy wiis mei.

Klaske wurdt tank sein foar ûnderkommen en foar drank en spiis yn it ôfrûne gearkomstiejier. It wie lykas altiten treflik! Dêr binne wy tige tankber foar.

De folgjende (gewoane) bestjoersgearkomste sil 31 augustus 2011 wêze, wer by Klaske thús.

Om likernôch 22.00 oere slút Tom, mei tank oan de oanwêzige leden, de FFU-jiergearkomste.

*Thys van der Veen/Sytze T. Hiemstra
Dokkum/Drachten,
septimber 2011*